

Bouke Oldenhof

MONUMINTEMAN

BORNMEER

1

Doe't okkerjiers Fryslân samar ynienen in selsstannige steat waard, lei my dat wol sljocht.

Ik ha my altyd safolle mooglik bûten strideraasjes holden. Dy passe my net. Yn it algemien bin ik der net op tsjin dat der nije dingen ta stân komme. Ik fyn it moai as minsken plannen meitsje om de wrâld earliker of kleurriker te meitsjen. Ik help dan graach mei. Mar de barrikaden binne neat foar my.

Seker as it oer politike kwestjes giet. Dêr ha ik it karakter net foar. Oerenlang fergaderje. Lobbye. Toanielspylje. As fraksjelieder beare hoe min foarstellen binne, omdat de opposysje ommers altyd oeral op tsjin wêze moat. Oerdreaune útspraken dwaan om de krante of de telefyzje te heljen. En úteinlik jinsels slope troch koarte nachten tusken útrinnende gearkomsten en wurk dat de oare moarns ier en betiid wachtet.

Ik makke my net mear sa drok oer de wrâld. Ik siet in pear jier foar myn pensjoen. Doe't ik jonger wie, haw ik alderhanne projektewurk dien. Net altyd allinne mar noflik. Mar ûnder de streek ôfwikseljend. Utdaagjend. Opwinend. De lêste sân jier fan myn wurksume bestean in fêste baan, dat like my wol wat. Sekerheid. Ik hearde my geregeld sizzen dat ik tefreden wie mei sa't it libben rûn wie. Sa faak dat ik it sels hielendal leaude.

Doe't ik jong wie, haw ik derfan dreamd om wat gruts ta stân te bringen. Wat bliuwends. Ik moast en soe wat neilitte. Dy

gedachte hie ik wilens opjûn. Noch in pear jier útsitte. Dat wie it plan. Dêrnei wie it tiid om my del te jaan.

De selsstannichheid fan Fryslân wie my oer it mad kommen. Ik ha noait in man fan foargefoelens west. Fansels hie ik links en rjochts wolris wat opfongen, mar ik hie it noait serieus nommen. It like my nochal ûnwierskynlik. It boeide my trouwens ek net. It nijs liet ik meast mar wat by my delgean. Ik wist, yn it echt achter de skermen is alles dochs folslein oars as wat der yn de krante stiet of op de telefyzje komt.

Doe wie it dus samar ynienen safier.

Doe't ik oan de gedachte wend wie, koe ik my dy ûnôfhinklikheid wol foarstelle. Tagelyk seach ik de beswieren ek. Hawar. Net myn probleem. Foar my soe der praktys sjoen neat fer-oarje. Tocht ik.

Doe belle Sietse de Jong.

'Sietse hjirre.'

'Watfoar Sietse?'

'Sietse de Jong. Witst wol.'

'De minister himsels!'

'Ha de gek der mar mei. Wy moatte prate.'

'Is der wat?'

'Ik ha in prachtopdracht foar dy.'

'Wat dan?'

'Dat fertel ik dy op it departemint. Hjoed melkerstiid. Oan de ein fan de middei.'

Hielendal Sietse. Hy woe altyd 'om melkerstiid' ôfprate. Hy hie my net frege oft ik it wol oan tiid hie. Fansels net. Dat hie er noch noait dien. Ek net oft ik belangstelling hie. Oft ik wol wer foar him oan it wurk woe nei it fallisemint fan syn lêste teäterprojekt.

Ik naam sels likemin de romte om nei te tinken. Hie ik my doe mar net sa oerbluffe litten. Sis ik mei de wiisheid fan no.

Opwining. Gedachten dy't my troch de harsens twirren. Nei it telefoantsje krige ik de kop net wer rêstich. In soarte fan noflike spanning. Dat gefoel dat ik al sa lang kwyt wie. It fielde wer as de earste tsien, tweintich jier fan myn wurksom libben. Elke fraach om oan in nij projekt mei te wurkjen wie doe in soarte fan kadootsje. Dêr wie ik blykber gefoelich foar. Ik wie as bern ek altyd dagen oerémis foar myn jierdei. Hokker ferrassing lei der no op my te wachtsjen? Sietse hie my te pakken. Hy hat altyd myn swakste plak fine kinnen.

Dat der ek in protte ellinde achterwei komme koe, ha ik doe gjin tel by stilstien. Myn optimistys aard hat my al myn hiele libben lang ferrifele.

Sûnt dat telefoantsje is de iene dei yn de oare rûgele. Sa fielt it no noch. De dynamyk fan myn opdracht waard baas oer my. Ik hie it aventoer net misse wollen. Mar wat rûn it my ek faak oer de hege skuon! Sa sjoch ik it no.

Faaks krij ik de gryp op wat der bard is werom as ik de film nochris ôfspylje lit. Rêstich. Stap foar stap. No wol mei it folle ferstân derby. Net wer fersûpe yn de hektyk fan wurk en polityk.

Ik koe Sietse de Jong al hiel lang. In man dy't der altyd by stie te poathâlden as der in kat strûpt waard. Alle ballen rôlen syn kant op. Dat wie sels al letterlik sa by it fuotbaljen doe't wy tegearre yn it earste fan de A's spilen. Ik meast as kontrolearjend middenfjilder, hy altyd spits.

Ik hie it yn de krante lêzen. Hoe koe it ek oars: Sietse wie yn de nagelnije regearing beneamd. As Minister fan Skiednis.

De namme fan syn departemint wie betocht troch Lokke Boomsma. Sy wie de nije premier. Dêrfoar hie sy deputearre

west fan wat doe noch in provinsje wie. Yn dy hoedanichheid wie sy ien fan de grutste foarfjochters fan de ûnôfhinklikheid. ‘It frijmoedige Fryslân’, sa’t sy it sels neamde.

Lokke Boomsma en populêr wêzen hearre by elkoar. It wie begûn yn har tiid as liedingjaande by de thússoarch. Sy hie doe ien dei yn de wike trochwurke yn de gewoane praktyk. Sy waard der bekend om. Nei in pear jier waard sy frege om de polityk yn te gean. Mar noch altyd liet sy har geregeld ynterviewe as sy de famkes yn har wyk foljebaltraining joech. It hiet, dat sy dy noch nooit ôfsein hie.

Lokke wie in útsprutsen tsjinstanner fan burokrasy. Al op de earste dei dat sy it foar it sizzen hie, hie sy bepaald dat der noch mar heechút in tsiende fan it bewende tal stikken produsearre wurde mocht. Gjin ûnnutte ferslaggen fan gearkomsten, gjin memo’s, gjin lange skôgingen yn beliedsstikken. Fierder mocht der neat op papier, alles moast digitaal. Mailtsjes tusken meiwurkers yn itselde kantoar waarden ferbean. It biedwurd wie: rin gewoan nei de kollega ta en ha it der even oer.

Lokke woe dat Fryslân alles oars as oars die. It jongste lantsje op de wrâld soe opfalle moatte troch in eigensinnige oanpak. It soe foaroprinne. As paadsljochter foar in nije maatskippij-ynrjochting koe it dan nooit wer mist wurde.

Dêrom krigen de departeminten ûngebrûklike nammen. Ynfryske nammen ek. Net om’t Lokke sa’n taleminske is. Dat is sy nammentlik absolút net. Mar de Fryske taal hie ien fan de brekizers foar de ûnôfhinklikheid west. Sy hie der de kiezers troch meikrigen.

De nije premier hie in kabinet fan sân ministers gearstald. In behindige oerheid, hiet dat yn it jargon. Op fragen dêroer woe Lokke Boomsma nooit serieuus antwurd jaan. Sy koe dan sizze dat sy fan it getal 7 hold. Fanwegen de sfear fan hillichheid.

Fanwegen it tal pompeblêden op de Fryske flagge. En om't sy fan prymgetallen yn it algemien hold, sei sy sels in kear yn in langer fraachpetear dat ik tafallich op de Fryske telefyzje sjoen hie.

Lokke koe der moai snedich bykomme. Sy hold fan singeliere opfettingen. Sy koe dy sa oertsjûgjend bringe dat elkenien har fuortendaliks leaude. Sy sels ek, like it altyd.

Prof. dr. Dictus Benedictus krige fan Lokke de titel minister fan Noait te âld om te learen. As jonge man wie Dictus al foar syn tri-tichste professor wurden yn de tapaste kognitive neurobiology. Hy wie ynternasjonaal in grutte namme yn syn fakgebiet. Doe't er fyftich waard, besleat er syn professorskip op te jaan en him op it pianospyljen te smiten. Doe't er fernaam dat de jierren him dochs syn lichaamlike en geastlike fleksibiliteit koste hiene, naam er de útnûging minister te wurden graach oan.

Lokke frege Steven van Casteren as minister fan Mienskip. Al hoe jong hy ek noch wie – en sels no noch hieltyd is –, dochs hie er al in lange skiednis as belofte en talint achter him. By it shorttracken ûnder oaren. Mar hy wie ek hast trochbrutsen as dûnsjende rapper of rappende dûnser, oant er dochs keas foar in politike karriêre. Syn namme waard gauris neamd as kandidaat foar it premierskip, mar Lokke krige de foarkar. Steven syn tiid as heechste baas soe grif noch komme, wie it algemiene tinken.

Ik sjoch Steven noch net premier wurden. It is in iepenbier geheim dat Steven syn meiwurkers slim it mannewaar opsizze kin. Dy wachtsje al skoften oant ien fan syn flirts mei stazjêres nei bûten komt. Dan nimme sy wraak. Oant dat stuit hâlde sy har steande mei in grut skala oan foarspelbere grappen oer harren minister fan mienskip.

Fierder wie Margarita de Hoop minister fan Oars as oars, foar bûtendepartemintale saken. Dat Klaas Kzn. Gratama minister

fan Sinteraasje waard, lei foar de hân. Bynamme: Klaas Knyp. Sietse de Jong wie ta tydlik minister fan Skiednis beneamd. Hedwig Segers wie de minst bekende namme. Sy hie as sindeling yn Afrika wurke. De namme fan it departemint, it ministearje fan it Goede Foarbyld, paste better by har persoan as by de grienmank fan beliedsterreinen dy't noch foar har oerbleaun wiene: sport, bûtenlânske relaasjes, soarch, natoer en keunst.

Lokke Boomsma hie as premier de algehiele lieding. Sy hie harsels ek noch in eigen beliedsterrein taparte. Sy waard minister sûnder portefúlje foar Lok. It wie it ûnderwerp dat har as deputearre al sa dierber west hie. 'Lok(ke) op 1' stie der op de affysjes dêr't sy trije ferkiezingen achterinoar mei wûn hie. Folle tiid om it loksbelied stal te jaan hie sy noch net fûn. In reis nei Bhutan, it lân dat it begryp Bruto Nasjonaal Gelok yntrodusearre hie, dêr wie it by bleaun.

De lytse trije oeren tusken it telefoantsje en de ôfspraak kaam my neat út hannen. Hielendal neat. Fierste drok yn de holle. Sis mar leaver: folslein oerémis. Wêrom? Wêrom dochts?

Wie, sûnder dat ik it sels yn de gaten hie, de ferfeling op it wurk dochts te slim taslein? Wie it dat? Wie ik ûngemurken skytsiik fan it kantoarwurk wurden? Wie Sietse syn fraach myn kâns om te ûntsnappen út stringen dêr't ik my by folle ferstân troch ynslute litten hie?

Of wie it de eangst foar it oanstearde pensjoen? It foarútsjoch fan hiele dagen en wiken mei Jule yn hús? Kofjedrinke om kofjetiid. Teedrinke om teetiid. En sneintemiddeis in slachje om. Socht ik in nij aventoer foar't it pensjoen taslaan koe? Doarde ik my net in libben sûnder wurk foar te stellen?

Of wie it idelheid? Hope ik fannijs in plak yn de skynwerpers te krijen? Mei Sietse hie ik ommers sa faak meiwurke oan inisjativen dy't in protte omtinken fan parse en publyk krige

hienen. Sietse stie fansels altyd foar oan, mar ik krige ek myn part fan de oandacht. Wie ik dêr ûnwennich fan wurden? Nee dochts?

Wist ik mar wêrom 't dat telefoantsje my sa ûnrêstich makke. Dan hie ik begrepen wat makke dat ik my yn dit aventoer stoarte. En dan hie ik it nei alle gedachten net dien.

Miskien wie it dochts wer gewoan dy ferrekte ambysje. Dy't ik miende kwyt te wêzen. Dreamde ik der stikem fan mysels ûnstjerlik te meitsjen yn de pear lêste jierren foar myn pensjoen? Wêrom ken ik mysels sa min?

Ik woe om fjouwer oere by Sietse wêze. Dat like my in goede útlis fan syn 'melkerstiid'. Ik wie in kertier te betiid. Ik ha doe mar krekt om de hoeke fan Sietse syn ministearje stien te wachtsjen. Wat sabeare yn de tas omrommelje oant it fjouwer oere wie.

Doe't ik troch de draaidoar it glêzen kantoargebou ynsûgd waard, hearde ik in tsjerkeklok slaan. Fjouwer oere. Lykas pland. Ik waard opslach kalm. Profesjonaliteit foarop. Ik liet my oanmelde by de minister fan Skiednis.

2

Strak yn it pak. De strik foar. Sa soe ik Sietse sjen as de doar iepen gong. Grif. Achter in mânsk managersburo út in djoere gruthannel foar kantoarartikels. Yn trijedielich pak faaks. Ik hie Sietse noch noait mei strik sjoen. Ek net yn jaske en broek. Hy wie altyd fan de spikerbroeken en de oerhimden mei oprôle mouwen.

Mar Sietse is in kameleon. Dat is it iennichste dat noait oan him feroaret. Sietse past him oan, hieltyd wer, oan wat de omstannichheden freegje.

Ik hie mysels foarprogrammearre op it byld fan Sietse mei in strik. In folslein nij byld fan de man dêr't ik de lêste tsientallen jierren geregeldwei mei wurke hie.

Doe't ik it kantoar ynkaam, siet dêr lykwols in man yn in oerhimd mei de boppeste beide knoopkes los. Gjin strik. In net al te útwrydsk jaske. Spikerbroek.

‘Goed dy te sjen, jonge.’

Deselde wurden as altyd. Dus dochs noch de âlde Sietse. De nije minister wiisde fan achter syn grut klassyk-houtene buro wei nei it sitsje oan de oare kant fan de keamer.

‘Gean sitten, jonge.’

Sietse kaam oerein. Hy knope wilens it jaske ticht, op de ûnderste knoop nei. Krekt sa't politisy altyd dogge op de telefyzje. Sietse hie ik it noch noait dwaan sjoen.

Syn oerhimd wie yn- en ynwyt. It striede omtrint. Oan de kant fan de knoopsgatten wie gjin seam of naad te sjen. Jule hie ek ris sa'n oerhimd foar my kocht. Sy joech my der omraak kompliminten foar, doe't ik it in kear oan hie. Sy brûkte in Ingelske term foar de naatechnyk fan de seam. It wurd woe my net yn it sin sjitte, doe't ik Sietse yn syn oerhimd seach. En no, no't ik der wer oan tink, noch net.

'Ik hie ferwachte dy hjir yn it pak te sjen.'

'Bist net wiis, jonge. Lokke wol ôf fan alle stereotipen. As it oan har leit, wurde strikken en pakken ferbean op alle kantoaren yn hiel Fryslân.'

It wie in húslík sítse dêr't wy yn bedarren. Deeglike stuollen, fier werom út de foarige iuw. Doe't meubels noch sa makke waarden dat sy antyk wurde koene. Dat men se net nei tsien jier oan de dyk hoegde te setten.

Modieus nijmakke kantoarmeubilêr wie der op Sietse syn kantoar net. Myn ferwachting sloech dus gewoan nergens op. Syn buro wie fan swier ikehout. Tsjin de muorre twa houtene, iepen kasten. Guon kastplanken stiene boeken op. In pear steapels papier leine op eachhichte. Meast opfallend wiene de pear planken mei rigen dvd's, en sels in pear fideobannen. Oerbliuwsels út Sietse syn eardere libben as film- en teäterprodusint.

'Werris wat oars as dat âld produksjekantoar fan ús. Witst noch wol, jonge?'

Sietse wiisde om him hinne.

'Dat buro hat fan in ferneamde skriuwer west. De namme is my even ûntsketten. Dit sítse hiene se yn in museum oer. Dy iene kast komt by in gemeente wei dy't koartlyn opsplitst is. Dy oare, dy iepen kast is myn eigen. Urven fan ús beppe.'

Sietse siet midden yn de skiednis. Dêr't er ommers ek de politike baas fan wie.

Der stiene kofjekopkes en in termoskanne op it taffeltsje fan it sitsje.

‘Jitsto de kofje yn? Dan krij ik myn oantekens derby.’

Noflik wie dat. Wat is Sietse der in master yn en lit minsken har op har gemak fiele. Noch altyd! Mei in tablet yn de hân plofte Sietse oerdwers yn syn luie stoel.

‘Datsto nochris minister wurde soest! Sietse de Jong de polityk yn. Ik bin wend datst ûnferwachtse dingen dochst, mar dizze seach ik absolút net oankommen.’

Myn pear wurden wiene mear as genôch om Sietse op de praatstoel te krijen. Selsbewust, meastal sûnder arrogant te wurden. Wol altyd oertsjûge fan syn eigen gelyk. Sa entúsjust datst dy net ôfwiisd fielt ast der net tusken komme kinst om wjerwurd te jaan.

Hy fertelde hoe’t Lokke Boomsma in jiermannich lyn by him kaam foar advizen oer har online en offline strategy. Sy hiene fuortendaliks in klik. Sa siet it dus yn elkoar: Sietse wie de man achter dy spotsjes dy’t Lokke sa efektyf ynset hie yn har kampanjes.

Dy Sietse dochs! Hy hie jierrenlang grutskalige kulturele projekten opsetten, benammen film en teäter. Guon suksesfol, oaren folsleine flops. In pear kear wie der in produksjemaatskippij of teäterprodusint oer de kop gien. Mar Sietse bleau bûten skot. Dy wurke kear op kear stûf troch oan syn folgjende projekt. Syn ferline hie dus blykber ek in ministerspost net yn it paad sitten.

Ûnwerklik sa’t wy no sieten te praten op in hartstikkene echt ministearje. Oan it begjin fan in folgjend projekt. In nij aventoer. As wie it gewoan. Ik fielde my wer in opslûpen jonkje, en Sietse wie myn maat dy’t alles oandoarde.

De sfear wie sa frij dat ik him de fraach stelde dy’t ik him noch noait freegje doard hie.

‘Hoe koe it eins dat de grutste helt fan dyn projekten mei tekoarten ôfsletten waarden, mar datsto der goed fan libje koest?’

‘Gewoan. Myn honorarium.’

‘En as sa’n projekt oer de kop gong?’

‘In fallisemint wol noch net sizze datst sels neat fertsjinnest.’

‘Hoe bedoelst dat?’

‘Sa’t ik it sis.’

‘Ik begryp it net hielendal.’

‘Moai sa litte.’

‘En sieten dy falliseminten dy net yn it paad by dyn minister-skip?’

‘Grappich datst dêr mei komst. Nei de selsstannichheid stelde Lokke my krekt dyselde fraach. Ik wist dat sy in skiednisfanaat is. Dat doe ha ik sein dat de histoarje op de keper besjoen in lange searje mislearringen is, dêr’t de minskheid úteinlik dochs better fan wurdt. Sy lake. Klear wie it.’

‘Doe hat sy dy frege minister te wurden?’

‘Sy woe my earst ien of oar amtnersbaantsje oanbiede. Der wie noch hielendal gjin praat fan in apart ministearje. Mar ik wie it dêr net mei iens. It ûnderwerp, de skiednis, fertsjinnet in apart ministearje. Seker yn in nij lân. Ik koe har oertsjûgje. Dat sadwaande.’

Sietse begûn wiidweidich te fertellen oer syn ministearje. Like oerdwealsk as er foarhinne prate koe oer in nij projekt. In film of in foarstelling. Sietse prate altyd hertstochtlik. Ek oer in nije freondinne. Sels oer in nije hûn.

It ministearje fan Skiednis bliek it iennichste tydlike ministearje. It doel wie en hef it nei fjouwer jier op. Dan soe de skiednis fierhinne klear wêze moatte. Sietse seach der hielendal gjin beswier yn. Fjouwer jier wie foar him al hiel lang foar in projekt.

Om't Fryslân in eigen lân wurden wie, krige it fan de iene op de oare dei ferlet fan in eigen skiednis. Dy moast oertsjûgjend wêze. De ferhalen oer de Fryske lannen yn de iere Midsiuwen wiene dat. De terpen, de dikebou, de kleasters. Dat wie yn oarder foar in autonoom lân. Mar nei de Midsiuwen waard it mar behelpen. Seker de lêste iuw. Dêr wiene alle histoarys en politysk it wol oer iens. De taak fan it nije ministearje wie it gearstallen fan in nije, gearhingjende beskriuwing fan de ûntwikkeling fan Fryslân. Dy moast dan ûnûntkomber útrinne op de selsstannichheid dy't ferline jier ta stân kommen wie.

'Dat sa', fette Sietse syn lang ferhaal gear.

'En no fregesto dy ôf, wêrom't ik dy frege ha om hjir te kommen. Of net, jonge?'

'Swets op.'

Deselde wurden dy't ik sa faak tsjin him sein hie as er wer mei in nij projekt by my kaam.

'Yn it ramt fan de nije skiednis sykje wy nei middels om dy sichtber te meitsjen. Der komt in lesmetoade foar it berneûnderwiis en ek ien foar it jongereinûnderwiis. Wy binne dwaande mei it ynstellen fan ien of mear nije nasjonale feestdagen. Wy ferskowe Befrijingsdei nei 15 april. Keningsdei kin net mear, dat begrypst ek wol. Fierder – en dêr freegje ik dy foar – wolle wy de haadpersoanen yn ús nije skiednis sichtber meitsje troch in rige stânbylden. Elk lân hat syn eigen helden. Mei stânbylden. Dus wy ek.'

'En wat soe myn taak dan wêze?'

'Alles. Der is noch neat. Der moat in plan komme. Fan hokker figueren moatte der stânbylden komme? Wêr? Wa makket dy? Hoe sjogge dy derút?'

'Binne der gjin ideeën of opdrachten út de regearing wei?'

'Nee. Of wol. Sy moatte de skiednis ferbyldzje. Dus it ferhaal fertelle dat útrint op de bysûndere identiteit fan ús nije lân.'

‘Ik krij folsleine frijheid?’

‘Fryslân is it lân fan frijmoedichheid, soe Lokke wol sizze.’

De telefoan gong. Sietse ûntskuldige him en naam de telefoan oan. Foar my de tiid om Sietse syn wurden te priuwen. Syn fraach wie sa ûnferwachts dat myn holle op trijedûbelde toeren draaide. De gedachten makken myn harsens ta in achtbaan.

Sietse syn telefoantsje duorre ryklik lang. Hy die oars net as harkje. Mar doe’t er dêrnei begûn te praten, gong earst ek alles by my del. Ik siet nei him te sjen as wie er presintator fan in telefyzjeprogramma dêr’t it lûd fan útdraaid wie.

‘Sorry hear, dit gong even foar.’

Ik skerpe my op.

‘Wêr wiene wy bleaun?’

‘Dat ik de frije hân krije soe.’

‘Der binne rûchwei sein trije betingsten dy’t jilde foar it folsleine belied op myn ministearje. Ien: de histoarje is wat om grutsk op te wêzen. Twa: it moat in gearhingjend ferhaal wêze, goede skiednis ferdraacht gjin tafal. Trije: it moat as it heal kin safolle mooglik op feiten basearre wêze, oars komt der ier of let gedonder fan.’

‘En hoe wolsto dat ha?’

‘Dêr freegje ik dy foar. Fynst it wat?’

‘Ik moat it earst binnen komme litte.’

‘Begryp ik, jonge, begryp ik.’

‘Mar ja, it is wol in spannende fraach.’

Kalm sykhelje. Rêstich bliuwe. Wat fûn ik der sels fan? Hie ik der sin oan? Of spilen idelheid en ambysje op?

‘Der is gjinien dy’t dat sa goed kin as do.’

Dêr trape ik net yn. Sietse begûn wer te sjerpstriken. Dat koe ik te goed fan him. Altyd itselde. Dat ik dé man wie om it te dwaan. Dat hy alle fertrouwen yn my hie. Dat it foar my in geweldige kâns wie. Ik krige der in soarte fan tsjinnichheid